

Thús

- in reisferhaal -



Neist de foarstelling is der in bondel mei deselde namme. Mei ferhalen & poëzij - en in cd mei de lieten.

'De pynlike langst nei in thús libbet yn elk fan ús. It is is de langst nei in plak dêr't we net yn twifel lutsen wurde...'

Maya Angelou (1928 - 2014)

'Hoe let bist thús...?'

In fraach fan alle dagen.

Mar dêrûnder leit de fraach nei wat 'thús' foar elk betsjut.

Wêr moatte we in antwurd sykje?

Yn ússels? Yn in oar? Yn in doarp, in krite of in lân? Yn de leafde of in oertsjûging? Yn in berop of passy?

Yn dizze foarstelling - mei tal fan nije lieten - sykje ik as skriuwer, sjonger, ferhalenferteller en muzikant nei antwurden op dy fraach.

En - en passant - op dy oare fraach dy't ús dwaande hâldt:

'hoe moatte we libje...?'

